

FOAR FEROARING

IT EUROPEESKE PROGRAM
YN 5 MINUTEN

FOAR FERORING

OP 23 MAAIE BINNE DE FERKIEZINGS FOAR IT EUROPEESK PARLEMINT. OP DY DEI HASTO DE KÂNS OM OER DE KOERS FAN EUROPA TE BESLUTEN.

Dat binne wichtige ferkiezings. Akseptearje wy langer dat de polityk te min docht foar klimaatferoaring of kieze wy foar in skjinne ekonomy dy't draait op sinne en wyn? Akseptearje wy langer dat bediuwen hieltiten minder belesting betelje of kieze wy foar in earlike maatskippij dêr't elkenien syn earlike part yn betellet? Lûke wy ús werom achter de diken of kieze wy foar gearwurking yn Europa?

Wy kieze foar feroaring.

GRIEN EUROPA

Wy wolle in skjinne, sûnere planeet acherlitte foar ús bern en bernsbern. Wy sitte yn noed oer de opwaarming fan de ierde. Dat it klimaat feroaret, is it gefolch fan de fersmoargjende ekonomy. In ekonomy dy't noch hieltiten fêst sit oan fossile enerzjy, oan gas, oalje en koallen.

Oer klimaatferoaring wurdt in soad praten mar der bart fierstente min. No harkje Europeeske politisy tefolle nei de fersmoargjende yndustry. Wy kieze foar feroaring: wy wolle in ekonomy dy't draait op sinne- en wynenerzjy. Wy wolle mear treinen dy't op skjinne enerzje ride. Dan binne der minder fleantugen nedich. Wy wolle lytsskalige, bistefreonlike lânbou: kij moatte bûten rinne kinne.

Om dat te berikken, moatte wy gearwurkje yn Europa: wy moatte grutte bedriuwen twinge te beteljen foar de fersmoarging dy't hja feroarsaakje. Mei-inoar kinne wy effisjinter skjinne enerzjy opwekje: wy kinne wynmûnen delsette op see, dêr't it hurder waait. Wy kinne sinnepanielen delsette yn lannen dêr't de sinne faak skynt. Wy meitsje wurk fan de flugge treinen tusken de haadstêden yn Europa. Wy wolle dat de Europeeske Uny boeren beleannet as hja in griene kar meitsje. Sa meitsje wy as Europa it ferskil yn 'e striid tsjin klimaatferoaring.

SOSJAAL EUROPA

Europa is no in paradys foar grutte bedriuwen. Sy profitearje maksimaal fan de iepen grinzen yn Europa. Sy meitsje gebrûk fan ûnearlike konstruksjes om sa min mooglik belesting te beteljen en sa min mooglik lean oan wurknimmers te beteljen.

Mei belestings betelje wy ús skoallen, ús soarch en it sosjale fangnet. Dêr hat elkenien foardiel fan. Grutte bedriuwen wolle harren graach yn Europa fêstigje: hjir binne goed oplate wurknimmers. Mar grutte bedriuwen spylje Europeeske lannen tsjininoar út. Se geane nei it lân ta dêr't se de minste belesting betelje moatte. Lannen ferleegje dêrom hieltiten de belesting op 'e winst om dy bedriuwen tefreden te stellen. De rekken dêrfan komt by de boargers telâne. Sy moatte dêrtroch mear belesting betelje. Of lannen besunigje op harren soarch, ûnderwiis en sosjale fangnet. Wy wolle dat bedriuwen harren earlike part betelje.

Wy binne ek foar 'lyk lean foar lyk wurk'. Minsken dy't itselde wurk dogge yn itselde lân soene itselde fertsjinje moatte. Grutte bedriuwen meitsje no gebrûk fan komplekse konstruksjes om dat út 'e wei te gean. Sa soargje sy derfoar dat wurknimmers út it bûtenlân in leech lean krije. Dat is ûnearlik foar de wurknimmers dy't te min betelle wurde. Mar it is ek ûnrjochtfeardich foar Nederlânske wurknimmers: sy binne dêrtroch yn ferliking te djoer.

Wy kieze foar feroaring: allinnich troch gear te wurkjen kinne wy derfoar soargje dat lannen yn Europa net mear tsjin inoar útspile wurde troch grutte bedriuwen.

US PRIORITEITEN

Us prioriteiten foar de kommende fiif jier binne:

1 SKJINNE ENERZJY

Alle koalesintrales moatte yn 2030 sletten wêze.

2 FLUGGE TREINEN

Tusken de Europeeske haadstêden komme flugge treinferbinings.

3 EARLIKE BELESTINGS

Wy meitsje mei-inoar ôfspraken tusken Europeeske lannen sadat grutte bedriuwen harren earlike part fan 'e belestings betelje.

4 MINDER MERK

Wy hâlde op mei Europeeske regels dy't derfoar soargje dat gemeenten harren soarch útbesteegje moatte oan bedriuwen.

5 GRÛNRJOCHTEN BESKERMJE

Lannen dy't de grûnrjochten fan harren boarger net respektarje, meie gjin subsydzjes fan de Europeeske Uny mear krije.

6 FRIJ YNTERNET

De macht van techgiganten, lykas Google en Facebook, wurdt oan bannen lein.

7 IEN ASYLBELIED

De Europeeske Uny moat earlike, mienskiplike regels opstelle foar flechtlingen dy't yn Europa beskerming sykje.

8 EARLIKE HANNEL

De Europeeske Uny slút allinnich hannelsferdraggen dêr't de soarch foar minsken en it klimaat sintraal yn stean.